

---

## Tuskentiden - jannewaris 2010

Tuskentiden - begeliedingsbondel en koarbondel

Yn oktober 2006 kaam it lieteboek *Tuskentiden* út. Dat is de Fryske oersetting fan *Tussentijds*, dat in jier earder útkommen wie. Dy bondel foarsjocht yn it ferlet oan nije lieten yn de tiid tusken it *Lieteboek foar de Tsjerken* (1973 /1980) en it nije *Lieteboek* dat yn 2012 útkomme sil; alteast de Nederlânske ferzje. De Fryske oersetting fan *Liedboek* sil presentearre wurde op 18 april yn de Grutte Tsjerke fan Ljouwert.

*Tuskentiden* hat in tafeftje fan 32 lieten dy't net yn *Tussentijds* steane. Koart dêrnei kamen by dy tafeftje in begeliedingsboek en in bondel mei koarsettingen út. Dy beide lêste bondels binne útferkocht.

It lieteboek *Tuskentiden* sels is yn de boekhandel noch te keap: ISBN 978 90 435 1318 0.  
Dat kostet € 18.50.

